

# Obe Postma Selskip

## *Programma 2006-2016*

### 1. Doelstelling

Op 19 novimber 2006 is yn Postma's bertedoarp Koarnwert it Obe Postma Selskip oprjochte. It doel fan it Obe Postma Selskip is it befoarderjen, ferbreedzjen en ferdjipjen fan de stúdzje fan it oeuvre fan de Fryske dichter en wittenskipsman Obe Postma (1868-1963), it befoarderjen fan útjeften, ferbân hâldende mei syn wurk en syn libben, lykas ek fan werútjeften fan syn eigen wurk, en it publisearjen en tagonklik meitsjen fan syn hânskriften en oantekeningen.

Op jierlikse stúdzjedagen foarmje tema's út it wurk fan Postma it útgongspunt foar in oantal wittenskiplike lêzingsen. Ien fan de lêzingsen giet altyd oer wurk fan Postma. It Selskip hat dêrmei foar eagen aspekten fan de stúdzje fan Fryske keunst en wittenskip yn nasjonaal en yn foarkommende gefallen ek yn ynternasjonaal ferbân te pleatsen.

### 2. Aktiviteiten

Ien fan de aktiviteiten fan it Obe Postma Selskip is it alle jierren organisearjen fan in **kongres (a)**. Op it Kongres wurdt troch saakkundigen yngongen op in bepaald aspekt fan it wurk fan Postma en oaren. Der wurdt nei stribbe om safolle mooglik ôfwikseling te bringen en de ûnderskate dissiplines dy't troch Obe Postma beoefene binne suksessivelik oan bod komme te litten. Nei elk kongres ferskynt in **kongresbundel (b)**, dy't feestlik oanbean wurdt. Op dizze byienkomst wurdt ek in lêzing holden. Dêrneist jout it Obe Postma Selskip twa kear jiers it **tydskrift *Wjerklank* (c)** foar syn leden út. De redaksje is yn hannen fan prof. dr. Ph.H. Breuker en dr. J. Gulmans. Mei *Wjerklank* jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan syn aktiviteiten, projekten en publikaasjes, bringt it ek oar nijs oer de wederwaardichheden fan it Selskip út en biedt it plak oan stúdzjes oer libben of wurk fan Postma. It Selskip organisearret ek alle jierren in **Postma-reiske (d)** by allerhande plakken lâns, dy't remininsjes hawwe yn it wurk fan Postma. Op de reis wurde gedichten fan Obe Postma foarlêzen. Op de **ledengearkomste (e)** fan it Obe Postma Selskip wurdt ek oandacht jûn oan Obe Postma. As stipe by alle aktiviteiten is in **webstee (f)** makke ([www.obepostma.nl](http://www.obepostma.nl)). Neist de neamde aktiviteiten wurde der ûnderskate **boeken (g)** útbrocht. Ek wurde **Fryske literatuer, byldzjende keunst en muzyk (h)** yn relaasje mei Postma's gedichten yn it wurk fan it Selskip behelle. It tydskrift en it webstee binne twatalich, de stúdzjedei en de byhearrende bundel op in inkelde útsûndering nei Nederlânsktalich.

#### a. Kongres


- 2007** De dichters en de filosofen. Wijsgerige aspecten van de poëzie in Nederland rond 1900
- 2008** Emily Elizabeth Dickinson (1830-1886)
- 2009** De geschiedenis van het onderzoek naar het cultuurhistorische landschap van Vlaanderen tot Oost-Friesland (1880-1950)
- 2010** Jan Jacob Slauerhoff (1898-1936)
- 2011** Fryske wittenskip yn de jierren tritich, Frysk Genoatskip en Fryske Akademy
- 2012** Vertalen van poëzie
- 2013** Onderzoek met behulp van boedelinventarissen
- 2014** Rainer Maria Rilke (1875-1926) in Friese en Nederlandse poëzie
- 2015** Natuurwetenschappelijk onderzoek in Nederland rond 1900
- 2016** Interferentie in de poëzie van de 20<sup>e</sup> eeuw

## b. Kongresbundel

**2008** Ph.H. Breuker en J. Gulmans (red.), *De dichters en de filosofen. Wijsgerige aspecten van de poëzie in Nederland rond 1900*, Leeuwarden: Friese Pers Boekerij 2008 (lêzing mefr. dr. A. Reitsma)

**2009** Ph.H. Breuker en J. Gulmans (red.), *Emily Dickinson in leven en dood. Haar liefdes, haar werk en haar nawerking*, Leeuwarden: Friese Pers Boekerij 2009

**2010** G.J. Borger en Ph.H. Breuker (red.), *De geschiedenis van het onderzoek naar het cultuurhistorische landschap van Vlaanderen tot Oost-Friesland (1880-1950)*, Leeuwarden 2010



## c. Tydskrift *Wjerklank*



## d. Postma-reiske

**2007** *Grinslân* û.l.f. prof. dr. Ph.H. Breuker

**2008** *Koarnwert en omkriten* û.l.f. prof. dr. Ph.H. Breuker en drs. P. van Tuinen

**2009** *It lânskip fan it westen fan Fryslân* û.l.f. drs. M. Schroor

## e. Ledengearkomste

**2008** bywenjen repetyasje fan it Mingd Koar Grou, dat gedichten fan Obe Postma op muzyk song

**2009** lêzing *Postma als landbouwhistoricus en gebruiker van boedelinventarissen* fan dr. M. Knibbe

## f. Webstee

It webstee omfettet op dit stuit de rubriken: meidielingen Selskip, id. Stichting, stúdzjes en publikaasjes op it gebiet fan: biografy, bibliografy, skiednis (algemien; kultuerlânskip; materiële kultuer), filosofy (algemien; wittenshipsfilosofy), poëzy (ynklusyf lûdsopnamen), wis- en natuerkunde.



## g. Boeken

**2008** Ph.H. Breuker (red.), *Omt ik foar Dea net stilstean koe. Trettjinris Because I could not stop for Death*, Ljouwert 2008

**2009** Ph.H. Breuker & M. Schroor (red.), *Obe Postma, Veld, huis en bedrijf. Landbouwhistorische opstellen*, Hilversum: Verloren 2009

## h. Fryske literatuer, byldzjende keunst en muzyk

**2008** oersettingen fan Emily Dickinson, *Because I could not stop for Death*

**2011** Fryske komponisten ynterpretearje fersen (n.o.f. 5-jierrich bestean OPS)

Omt ik foar Dea net stilstean koe. Trettjinris  
Because I could not stop for Death